Skriftlêzing: LUKAS 11, 1-13: it bidden

Gemeente fan Jezus,

Fanemoarn gong it oer de barmhertigens, Lukas 10.
Joun giet it oer it bidden, Lukas 11.

It gebed. Mar dan moatte wy it yn ien adem ek haw oer ús twifel.
Is it allegear wol wier sa't it beskriuwn stiet?
En dy bibel, is dat misskien toch in betinksel fan minsken?
Is der wol in God?
En wer bedarret ús gebed?

It gebed. Mar dan moatte wy it yn dieselde adem ek haw oer ús liuwen, dat oanfochten wurdt troch it libben, troch de dea foaral. En wy moatte sprekke oer de fraag ot God wol ús gebeden heart. Die lêste fraag is sa fanselfsprekkend, dat Jezus leerlingen him net iens hoeve te stellen. Jezus fielt daliks dat dy fraag by harren libbet. Heart God ús wol?

Jezus antwurdt is koart en dudlik: Freegje en jim sil jûn wurde. Klopje en de doar sil foar jim iepengean.
En dan tinke wy: wie it mar sa maklik.
Wie it mar sa maklik, dat op al ús gebeden volledige ferhearing folget.

Toch moatte wy it mei dit antwurd fan Jezus dwaan. Freegje en jim sil jûn wurde. Klopje en jim sil iependien wurde.

Ik wol besykje om der wat ljocht op skine te litten, op dit antwurd fan Jezus.

Mar ienfâldich is it net, want yn de striid fan twifel en liuwen, verdwale wy faaks yn de fragen. En yn'e gemeente sizze wy faaks tsjin elkoar: Wy moatte ús gebeden oanpasse.
As in gebed om genezing net ferheart is, dan moatte wy ús gebeden oanpasse en bidde om treast by in ferstjerren. Wat is dan de sin fan ús bidden as wy hieltiid ús gebeden oanpasse?
Wer bedarret ús bidden?

Noch ien opmerking foarôf: Yn in eardere preek haw ik ris sein: Bidde is sinleas as jo deistich libben gjin gebed is. En dat liuw ik noch. As jo libben, jo dwaan en jo sprekken gjin gebed is foar de Hear, dan is it bidden yn mooie wurden sinleas.
Mar wer bedarret ús bidden?

Wy fyne in goed begjin by de biografy fan Jezus sels.
Wy moatte nea ferjitte, dat it gebed in hiel grut plak ynnaam yn Jezus syn libben.
En bidde is foar Jezus mear as allinich mar wurden útsprekke nei God ta, bidde is foar Jezus ek `nei God ta gean'. Yn it gebed fielt Hy him ien mei syn Heit yn'e himel.

En wy binne gemeente fan Jezus. En derom bidde wy. It hat mar in bytshe sin om te freegjen yn'e gemeente: Hat it wol sin om te bidden. Want de gemeente is no krekt it plak der't sawiesa bidden wurdt. Wy freegje net as wy wol of net bidde sille, nee, wy bidde sawiesa. Wer't it gebed ferdwynt hâld it liuwen op. Wy bliuwe bidden!

De fraag hjoed is: Hoe hâlde wy it bidden fol! Hoe hâlde wy it kontakt mei God ús Skepper, as wy twongen wurde om ús gebeden hieltiid oan te passen.

Wy fyne hâldfêst yn Jezus bidden. Mar wy witte ek dat it bidden in universeel gebrûk is. Bidde is net typisch kristelik.
Bidde dat is de bining mei de Skepper, en it ferlangen, dat dy skepper syn wurk folbringt. Mar bidde is boppeal in saak fan liuwen. Sa't wy ferline snein ek sein hawwe: God kin syn ryk sels wol bouwe, mar Hy wol dat net sûnder ús. En it ken net sûnder liuwen. Bidde ken net sûnder liuwen.

De theoloog Brunner vertelt hjiroer dit ferhaaltsje:

Der wie yn in stêd in epidemie útbrutsen. En der wenne in dokter yn dy stêd dy't as ienichtste in medisien hie tsjin de sykte dy't útbrutsen wie. No kin dizze dokter bekend meitsje dat hy in medisien hat, en dat de minsken it foar neat by him krije kinne. Mar de reding fan de stêd hinget net allinich fan dy dokter ôf. De minsken sille sels it medisien helje moatte, elk moat sels deropút.

Oars sein: Jezus is ús grutte dokter, mar sûnder ús liuwen en sûnder ús gebed giet it net.

De biddende minske is te fergelykjen mei in gevangene, dit it yn syn cel net mear úthâldt, en dy't it leafst my syn holle troch de muorre slaan wol, mar dy't net yn'e gaten hat dat de doar fan syn cel iepen stiet, en dat hy allinich mar dy doar iepen hoecht te dwaan om de frijheid te priuwen.

Klopje en dy sil iependien wurde, seit Jezus.
As wy bidde, dan fyne wy de doar iepen.
As wy bidde, dan komme wy by dy God, dy't dit bestean makke hat en fernije sil. It is gjin wrede God, seit Jezus hjoed. Hy is in Heit, dy't as syn soan him om in aai freget him net in skorpioen jowt. Hy is betrouwber.

De wrâld fan it gebed is te fergelykjen mei in ruine fan in âlde tsjerke; der stiet nog wat oerein, mar it dak is ynstoarten. Sa steane wy ûnder Gods himel, in iepen himel. En troch gebed stelle wy ús foar ús God, yn al ús neerdrigens, en dan sil God ús hert iepenje foar syn genede en leafde.

It bidden folhâlde is mooglik.
Mar dan is it needich dat wy it liuwen behâlde yn Gods belofte foar de skepping.
En it is fol te hâlden omt wy it net allinich dogge. Wy bidde mei elkoar en foar elkoar. En der wurdt foar ús bidden, fierôf en tichteby.

En need leart bidden. Sa is it en sa sil't wol bliuwe. Mar it gebed ûntspringt net allnich oan ús need, mar ek oan ús liuwen.Dat is de kracht fan it gebed fan'e gemeente.
De Hilliche Geast, de Treaster is ûnder ús kommen.

Dermei beslút de skriftlêzing: Jezus seit: As jimme no al, sa ferkeard as jim binne, jimme bern goede dingen witte te jaan, hoefolste mear sil dan de himelske heit hillige Geast jaan oan dy't Him derom freegje.

Alle dagen wer jowt God hilliche Geast, libbenskrêft, treast en moed, dat is ús behâld.

En mear is der fan it gebed hast net te sizzen.
Us hiele libben mei in gebed wêze.
De gemeente fan jezus sil nea ophâlde fan bidden.
Jezus hat it ús leart.
Bidde is tichteby God wêze.
En it is in saak fan liuwen.

Mar it lêste wat ik der noch fan sizze wol is dit:

Bidde is yn myn erfaring boppe-al in saak fan oerjaan.
Je libben oerjaan oan de Skepper.
Loslitte en fertrouwe.
Dat is bidde: Je oerjaan oan de Allerheegste en syn majesteit.

Ik kin jim net fertelle hoe't jim dat dwaan moatte.
Want it gebed is in heechst persoanlike útdrukking fan de djipste emoosjes.
Elk fynt derfoar eigen foarmen en tiden en plakken.

Mar dat wy ús oerjaan moatte, der bin ik wis fan.
It is mar goed dat Jezus ús it bidden leart hat.
Want as wy sjoche hoe't minsken Gods ierde bewenje, dan meie wy nea wer bidde, dan binne wy earme bidlers by de himelpoarte.

Mar omt wy witte fan Gods genede, derom doarre wy te bidden, en it fol te hâlden.

Foar elk dy't kloppet wurdt iependien.

Bliid boadskip yn dizze joun. AMEN